




Prik tsjin koroana: yn ferwachting

Yn ferwachting en de koroanaprik

Krijst in berntsje? Dan kinst de prik tsjin koroana feilich nimme. De prik is net skealik foar dy of dyn berntsje yn de búk.

Belje dyn húsdokter of dyn ferloskundige ast fragen hast oer de prik tsjin koroana.




Wolst yn ferwachting reitsje?

Wolst mem wurde? Of is it dreech om yn ferwachting te reitsjen? Oerlis dan mei dyn dokter of gynekolooch wat in goed momint is foar de koroanaprik.



It boarst jaan

It medisyn yn de koroanaprik komt net yn de molke fan de mem en it is net min foar dyn berntsje. Dat is goed ûndersocht, dus kinst boarstfieding jaan.



Fragen

Wolst útlis yn in fideo, sjoch dan op corona.steffie.nl/vaccinatie
Ast noch fragen hast, belje mei **0800-1351** (gjin ekstra belkosten).

